


Tomke- of Romke-lampion

Nedich:

- lege plestik flessen
- kleurkes
- ferve
- skjirre of prikpinne
- 'vliegerpapier'
- lym
- chenilletried



Tarieding:

Printsje de 'Tomke-lampion' en/of 'Romke-lampion' út en knip Tomke en/of Romke út.
Knip de boppekant fan in lege, plestik flesse; de ûnderkant brûkst foar de lampion.

De bern:

- Fervje de lege flesse en lit drûgje.
- Fervje of kleurje de 'Tomke-lampion' of de 'Romke-lampion'. Lit it drûgje (as it ferve is).
- Knip of prik de eagen en mûle (tonge) út de lampion.
- Knip stikjes 'vliegerpapier' en plak dy oan de binnenkant.

Ofwurking troch folwoeksene:

- Plak Tomke of Romke op de lege flesse.
- Meitsje oan beide sydkanten fan de flesse in gatsje foar it toutsje of de chenilletried oan de boppekant fan de flesse.
- Doch it chenilletriedsje dertroch. Tip: meitsje it net te lang, oars hinget it lampke net yn 'e flesse.
- Lampionstokje deroan en klear!



